



# DE BEKEARLINGE

(The convertible girl)

In komeedzje

fan

DANNY SIMON

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TOONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE BEKEARLINGE - THE CONVERTIBLE GIRL** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **DANNY SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright:** 1984 by Danny Simon

**Copyright Frisian translation:** 1997 by Danny Simon

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Christina Fernandez – frou, mids tweintich

Ron Greenstein – man, mids fjirtich

Jonas Steinberg – man, achter yn de tweintich

Ferpleger – man, tritiger

Besteller – man, tritiger, (dûbelrol ferpleger)

Rabby Silverman – man, achter yn de fyftich

Rabby Rothman – man, sechstiger

Rabby Hahn – man, middelbere leeftiid

Mefrou Greenstein – frou, foar yn de santich

Noat fan de auteur, advys aan de regisseur:

Dit stik azemet in sterke Joadske sfear út en religy spilet in grutte rol. It kin ferliedlik wêze om fan de personaazjes Jiddyske karikatueren te meitsjen, mar dat is absolut net de bedoeling. De bedoeling is, dat it publyk MEI, dus net OM dizze minsken laket.

## **DEKOR:**

It is twa oere yn de nacht, hjerst, in grut appartemintekompleks yn Marina Del Rey, Kalifornia.

It hiele stik spilet him ôf op de ûnderste ferdjipping fan it appartement fan Ron Greenstein, in makelder yn ûnreplik guod. It is op de begeane grûn en hat in tún. De wenkeamer fan dizze ferdjipping is rjochts en nimt mear as de helte fan it toaniel yn beslach.

In trep, dy't nei de earste ferdjipping liedt, sit wat links fan de midden tsjin de muorre. De trep markearret de skieding tusken de wenkeamer rjochts en de keuken links.

Boppe aan de trep twa doarren. Dy oan de rjochterkant op de oerloop jout tagong ta it hûske. De doar fan it hûske moat sa iepengean, dat it publyk net nei binnen sjen kin. Achter de doar links, tsjinoer it hûske, is in kast. Tsjin de muorre fan de keuken in praktykske kast. Tsjin de oare muorre in bar, dy 't it ytgedielte skiedt fan it gedierte wêr 't it iten sean wurdt. Twa stuollen aan de bar. Fjouwer - ytkeamer - stuollen om de tafel (dizze stuollen moatte in lege rêchleuning ha, sadat it sicht op it oare gedierte wêr 't spile wurdt net hindere wurdt.)

De doar dy 't tagong jout ta it appartement sit yn de muorre rjochtsfoar. Yn de muorre links in skopui fan glês, dy 't tagong jout ta de patio.

De gerdinen binne net hielendal ticht. In bytsje ljocht fan bûten falt wol nei binnen, mar it toaniel is mar swak ferljochte. At de gerdinen letter iepen gean, sjogge wy in gedierte fan de patio mei blompotten en planten en in bernefyts. Achter de patio sjogge wy in glimp fan in haven, mei ferskillende boaten dy 't foar de wâl lizze.

De oanklaaiïng en it dekor binne in miks fan moderne en tradisjonele styl. Fan grut belang is lykwols in bysettaffeltsje wêrop 't hiel prominint twa telefoans sùnder snoer oanwêzich binne. In wite en in swarte.

## EARSTE BEDRIUW

### Sêne ien

Foar dat it doek iepengiet, hearre wy it oanhâldende, trochkringende lûd fan de doarbel. Yn kombinaasje mei drok klopjen. It moat wol hiel drieuwend wêze.

**STIM FAN CHRISTINA:** (oeremis) **RON!** **Doch iepen! Ik bin it, Chris!... Ik bin sa gau kommen at ik koe...** o, God, asjebleaft, at ik no mar net te let bin! (*noch mear oeremis klopjen wylst it doek iepengiet. De keamer is nochal tsjuster, ôfsjoen fan in streekje moanneljocht dat troch de hast tichte gerdinen, dy 't foar de doarren fan de patio hingje, nei binnen falt*) **Ron.** **Atst my hearre kinst, harkje dan!... Ik kin der net yn. Want ik ha dy de kaai werom jûn doe 't ik fuort gong!** (*se bliuwt op de doar hammerjen. In slieperich manspersoan yn piama ferskynt boppe aan de trep. It is Ron Greenstein. At it net sa donker west wie, hiene wy sjen kunnen dat er ergens midden of achter yn de fjirtich is. Ron hat noch net sa lang ferlyn in slièppil ynnommen, en it effekt fan dit ferdôvjende middel, yn kombinaasje mei syn betizing oer it lawaai by de doar is dúdlik te sjen, en sil ûnder de hiele sêne sichtber bliuwe. Krekt at er de trep ôfrinne wol, hâldt it klopjen en beljen op. Sleau en slûch sjokt Ron troch, docht de doar iepen en sjocht nei bûten. At er net ien sjocht, makket er lûden dy t' syn ûngenoegen oanjouwe oer dit "falske alarm". Hy docht de doar ticht en sleept him de trep wer op. Krekt at er út sicht is, hearre wy dravende fuotstappen en sjogge wy Christina links op de patio. Se is blykber om it hûs hinne rûn om it fan dizze kant te besykjen. Se draacht in trenchcoat oer de piama en hat pantoffels aan. Se is ergens mids tweintich. Se sjocht besoarge troch it rût. At se net ien sjocht, lukt se om 'e noct oan de glêzen doarren, dy 't op slot binne. Dan begjint se op it glês te bûnzjen*) **O, God, lit him asjebleaft net deagean!** (*ropt*) **Besykje it noch even fol te hâlden, leave! Ik ha help helle. Se binne ûnderweis!** (*wanhopich sykjend sjocht se om har hinne om in ding wêr 't se it rût mei stikken goaie kin. Se sjocht in grutte pot mei in plant, draait har om en bukt har, besiket de pot op te tillen. Wylst se mei de rêch nei it glês stiet, ferskynt Ron wer boppe aan de trep. Slieperich rint er wer de kant fan de foardoar op. Mei muoite docht er de doar iepen, sjocht nei bûten, sjocht neat en grommelet terge. Hy docht de doar wer ticht en rint wer nei boppen. Krekt at er út sicht ferdwynt, is it Christina (Chris) slagge de pot op te tillen. Se draait har om en makket har der op*

*klear om de pot tsjin it glês te smiten. (noat fan de auteur: de pot is makke fan papier mache) Ron! Ik slaan it rút yn mei dizze plantebak! Atst noch libbest, gean dan oan 'e kant! (se goait de plantebak tsjin it rút. Sûnder ek mar de minste skea oan te rjochtsjen falt dy op de flier fan de patio) Ferflokte plestyk plantebakken! (wanhopich siker se om in oar ding wêr 't se mei goaie kin. Se sjocht in stoel, makke fan izeren buizen, en wylst se it ding mei in bulte stinnen en hymjen boppe de macht krike hat, om him troch it rút te slaan, komt Ron wer foar 't ljocht boppe oan de trep. Wurch sjokt hy wer nei de foardoar. At hy de trep ôfrint, heart hy it hymjen fan Chris, draait him om en rint har kant op. Underweis stroffelt er oer in pear ûnsichtbere dingen. Flokkend en mompeljend stroffelt er fierder. Chris hat him noch hieltyd net sjoen. Krekt at Ron by de skopui oan kommen is, liket it oft Chris de stoel troch it glês slaan wol. Se soe him wis rekke ha at se dit dien hie. Hy begijnt spand oan it slot te frommeljen. Chris, dy 't him sjocht, wit noch krekt op tiid de stoel tsjin te hâlden. Se sjocht besoarge nei binnen) Ron?!... Ron, bisto dat? (hy mompelet fersteurd, dat it fansels is, dat hy it is, wa oars?) O, God sij tank bist net mear dea! (se set de stoel del en wachtet fol ûngeduld oant Ron einlings de doar iepen krike hat) O, leave, ik wie sa bang dat ik net op tiid komme soe. (se slacht de earmen om him hinne, troch de iepengeande doar hinne) Ik besocht direkt hjir hinne te kommen neidat ik 1-1-2 belle hie, mar myn auto woe net starte. Bin se der noch net? (noch hieltyd stiif mei de earmen om him hinne, drukt se op it ljochtknopke oan de muorre)*

**RON:** *(dekt syn eagen ôf mei in earm tsjin it felle ljocht, docht it ljocht wer út mei de frije hân) 1-1-2??? Wêrom hast dy yn fredesnamme belle?*

**CHRISTINA:** *(dochit it ljocht wer oan. Ron reagearret wer op it ljocht) Doe 'st my bellest seist doch datst in OERDOASIS slieppillen ynnommen hiest?*

**RON:** ...Huh? ...O... Ja, slieppillen... *(gapjend) Chris... ik kin net wekker bliuwe...*

**CHRISTINA:** *(hâldt syn holle oerein mei in hân) NEE! Watst ek dochst, soargje datst net yn sliep falst! (syn gewicht is in grutte lêst foar har. Se besiket mei him troch de keamer te rinnen. Under de kommende dialooch giet it tôgjen, strompeljen, lûken en roppen fierder) Bliuw RINNEN, Ron! Do moatst yn beweging bliuwe... Kom no, Ron, bliuw stean... wêr bliuwt dy ferdomde ambulânse dochs? Ik bin mei de bus, en noch bin ik der earder as sy. (se bliuwe de keamer op en del rinnen, en at se by de yttafel lâns komme, pakt se it lege potsje op, wêr 't de pillen yn sitten ha. Se praat, sûnder dat se him stilsteaan lit,*

*en triuwt him foar har út) Sieten hjir de pillen yn, Ron? It potsje is LEECH!*

**RON:** Chris... ik moat lizze...

**CHRISTINA:** Hoefolle pillen hast ynnommen?

**RON:** H-h-h-hoefolle???

**CHRISTINA:** TINK!... TINK NEI!!! De ferplegers moatte witte hoefolle pillen atst ynnommen hast.

**RON:** Eh... Twa. Ik ha twa...

**CHRISTINA:** (*noch hieltyd tōgjend mei har swiere lēst*) Goed. At se hjir binne, dan seist datst tw... TWA????! (*se bliuwt ynienen stean, sjocht omheech oer har skouder nei Ron*) Is dat ALLES???... Mar do seist doch... do seist doch datst in hiele pot pillen ynnommen hiest?

**RON:** Dat ha ik ek. Ik ha elke jûn ien nommen, mar se holpen net al te bêst, dus ha ik jûn de lêste twa ynnommen.

**CHRISTINA:** Kristus!! (*se goait him fan har ôf, yn de stoel dy 't it tichtste by stiet*) Dus ik ha as in idioat de alarmsintrale belle om se hjir hinne te heljen foar twa rudige piltsjes?... Hast wol yn de gaten hoe 't ik my skamje sil at se hjir direkt komme en do libbest noch?

**RON:** (*knippert hurd en unrêstich mei de eagen*) O, myn God! Myn eagen! Myn eagen ha in shock!... Chris, ik kin myn eagen net iepen hâlde!... Oo, help! Ik kin se ek net ticht krije!!!!

**CHRISTINA:** (*giet op yn har eigen problemen, besjocht har triljende hannen*) Ik bin yn myn hiele libben noch nooit sa skrokken. Hasto in pear hannen wol es sa triljen sjoen? (*in lytse gjalp*) **Ik ha myn neillak der ôf trille!** (*bliuwt stomferbaasd nei har hannen stoarjen*)

**RON:** (*knippert noch hieltyd mei de eagen*) Jezus, ik hoopje dat se minsken mei konstant knipperjende eagen ek braille leare kinne.

**CHRISTINA:** (*it triljen fan de hannen nimt ôf*) Besikest soms grappich te wêzen? Ik kom hjir hals oer de kop hinne yn piama, deabenaud dat ik wol es te let wêze kin, en do begjinst flauwe grappen te meitsjen.

**RON:** (*it knipperjen fan de eagen nimt ôf*) Ik wol hielendal net grappich wêze. WIE ik mar dea. Ik kin de rêst mar al te goed brûke.

**CHRISTINA:** Do hast al hiele gekke dingen dien, mar ik hie net fan dy tocht datst sa 'n goedkeape trûk úthelje soest... op myn gefoel warkje, sadat ik midden yn 'e nacht hjirhinne komme soe!

**RON:** (*noch net hielendal útknippere*) Ik woe hielendal net op dyn gefoel warkje, Chris. Earlik net. Wa hie ferwachte datsto hjir midden yn de nacht op de doar stean soest te slaan?

**CHRISTINA:** Atsto tsjin my seist datst in hiele pot slieppilen opiten hast, wannear tinksto dan dat ik komme sil? Yn de simmerfakânsje?

**RON:** Nim my net kwea ôf. Ik wie sa wurch... dat ik net goed tinke koe.

**CHRISTINA:** (*wat mear behearske*) Goed, Ron... Goed. No 't ik hjir doch bin, sil ik foar dy dwaan wat ik kin. (*rint nei de doar*) Ik sil in nijé pot slieppillen foar dy keapje. (*docht de doar iepen en praat, ferrifeljend kalm*) ...Beloof my allinne datst der dizze kear better om tinke silst en de hiele pot yn ien kear ynnimst. (*draait har om*)

**RON:** (*wrakselt om oerein te kommen*) Chris! Asjbleaft... gean net wer by my wei! Ik wurd gek súnder dy.

**CHRISTINA:** It HOECHT net persee sa te gean, Ron... mar omdatsto hjir sels foar kiest... De groetnis! (*by de doar, bliuwt stean, krijt in ynfal, rint nei de wite telefoan*)

**RON:** CHRIS...al dy wiken súnder dy...kaam ik der achter hoe leech at myn libben eins wie foar dat ik dy koe.

**CHRISTINA:** (*wylst se de sintrale bellet, glimket se koel*) Bewarje dat ferhaal mar foar de dokters. Dêr sille se grif mear wille aan belibje, dan oan dat ferhaal oer in man dy 't in ambulânse komme lit omdat er net sliepe kin! (*yn de hoarn*) Hallo. Kin jo my it nûmer fan de taksysintrale yn Marina del Rey jaan, asjbleaft?

**RON:** Hast my dan hielendal net mist, Chris?

**CHRISTINA:** (*yn de hoarn wylst se it nûmer op in bloknoatsje skrast*) Tanke. (*hinget op en praat wylst se in nij nûmer yndrukt*) Ja, wat tochtst. Dat ik in jier by in man ynwenje kin en him dan yn ien kear út de holle sette as at er nooit bestien hat? Wolst witte hoe slim at ik dy mist ha?... Goed. Sûnt dat ik dy ferlitten ha, ha ik my elke jûn yn sliep gûld.

**RON:** ...O, leafste...

**CHRISTINA:** (*hast yn triennen*) Do kinst dat djoere holkessen fan my wol, mei echte fearkes? Ik ha it lêsten fuortgoaie moatten, want fan al dat gefjank wiene de fearkes begûn te stjonken en te klonterjen.

**RON:** Leave, atst safolle fan my hâldst, wêrom bist dan fuortgongen? Echt wier, ik begryp dy gewoan net.

**CHRISTINA:** (*wylst se ophinget en opnij drukt*) Dat is dan ek de reden dat ik fuortgongen bin.

**RON:** Wy binne in hiel jier lokkich west tegearre! Wêrom woest sa ferdomde graach trouwe?

**CHRISTINA:** (*wachtsjend aan de telefoan*) Neamst dat lokkich? Wat is dat foar in bestean foar in vrou? Elk wykein kamen dyn bern útfanhûs, en moast ik fuort omdat se net witte mochten dat wy hjir tegearre wennen. Elke freedtejûn pakte ik myn koffers en gong by Doris yn Santa Monica útfanhûs. En elke sneintejûn hellesto my wer op neidatst de bern nei har mem brocht hiest. Dan moast ik wer al myn koffers pakke. Sorry hear, Ron. ELK WYKEIN! Sjoch mar datst kunde krijs aan ien dy 't by in ferhuzersbedriuw wurket. Ien dy 't fan

sa'n soart libben net steapelgek wurdt!

**RON:** (*de sliep komt wer opsetten*) Chris, ik bin te wurch om hjir no rûzje oer te meitsjen...

**CHRISTINA:** Gean dan mar wer sliepen. En atst oer in houlik dreamst, belje my dan even. (*hat no ferbining*) Hallo? Mei ik in taksy op de Tahiti –strjitte, 1900... Tanke. Ik wachtsje bûten. (*hinget op, rint nei de doar*)

**RON:** Chris!... Asjbleaft... (*Chris bliuwt stean*) ...ferdomme, der moat doch in oplossing foar dit probleem wêze.

**CHRISTINA:** Der is gjin oplossing. Wy ha gjin basis foar in relaasje. Ik moat dy wolle en do moatst my wolle. It wurket net at IK dy wol en DO dy wolst!

**RON:** Ien ding moatst my fertelle. Hoe kin ik no mei dy trouwe mei al dy alimintaasjes en finansjele bydragen yn de opfieding fan de bern dy 't my boppe de holle hingje? Huh? Fertel my dat mar es.

**CHRISTINA:** Alwer dy selde flutsmoeskes. Wêrom tinkst dat it foar dy goedkeaper is at wy allinne mar byelkoar ynwenje? Ik yt krektlike folle at wy troud binne... ugh... do hast ek oeral wol in raar ekskús foar.

**RON:** En it ferskil yn leeftiid? Sit dy dat net dwars?

**CHRISTINA:** Nee! Dêr kin ik goed mei libje.

**RON:** It kin dy neat skele dat ik allegear âlde lulle kwaaltsjes ha? In minne prostaat, slymbeurs – ûntstekking yn myn linkerearm...

**CHRISTINA:** Dat is gjin ferskil yn leeftiid, dat is ferskil yn sûnens. En at der gjin ferskil yn sûnens is, dan is der wol ferskil yn komôf! En at der gjin ferskil is yn... Hee, ik betink krekt noch ien dat in goed ekskús is om net mei my te trouwen! Wy ferskille fan geslacht!

**RON:** Chris, dit bin allegear reële problemen wêr 't wy earder as letter doch tsjinoan rinne. Begrypst dat net?

**CHRISTINA:** Nee. It iennige dat ik begryp, is datsto noadich trouwe moatst. Ik ha noch noait in man sjoen dy 't der earder oan ta is om te trouwen as do.

**RON:** Ik? Der hurd oan ta om te trouwen? Neam es **ien** foarbyld wêr 't dat út blykt, huh? Toe mar... toe mar.

**CHRISTINA:** Okee, do fregest der om. Do bist sa'n leafhawwende heit, dat der neat is datst leaver wolst dan dat de bern permanent by dy wenje soene. Net allinne yn it wykein. Do hâldst der fan om minsken oer de flier te hawwen, mar do wolst dat der in oaren itensied, betsjinnet en de ôfwask docht. Do fynst it freeslik om elke nacht allinne sliepe te moatten. Do fynst it freeslik om elke moarn allinne wekker te wurden. Do hâldst der fan, dat der mei dy ompopke wurdt atst siik bist. Do hâldst der fan dat der mei dy ompopke wurdt atst

**NET siik bist. Dúdlik?**

**RON:** Goed, goed, dat is in foarbyld. En fierder?

**CHRISTINA:** Hoe kinst sa ferflokt koppich wêze? Hoe faak hast my net sein dat de tiid mei my de lokkichste wie út dyn hiele libben?

**RON:** Dat wie ek sa. Foar datsto kaamst, wie it bittere ellinde. Witst noch, doe 'st my moetest nei myn twadde skieding, hoe 't ik der oan ta wie?

**CHRISTINA:** Dat wit ik noch, Ron. Do gongst op bêd mei alles watst tsjin kaamst. Dêrom seach ik my sels as de lokkichste frou op ierde.

**RON:** Omdatst my moetest?

**CHRISTINA:** Omdat ik gjin aaklike geslachtssykte oprûn ha! (*rint wer nei de doar*)

**RON:** Asjebleaft, Chris... ik kin net sûnder dy...

**CHRISTINA:** Jou dan ta dat der gjin inkele goede reden te betinken is wêrom atst net mei my trouwe soest! Jou ta datst no sitst te switten as in otter, omdat it wier is!

**RON:** Sa simpel is it spitigernôch net... Der is noch in probleem wêr 't wy it noch noait oer hân ha...

**CHRISTINA:** Wat no wer?

**RON:** Sis my mar es hoe 't ik om ús mem hinne moat.

**CHRISTINA:** Jim MEM? Wat hat dy der no wer mei te krijen?

**RON:** Ik kin net mei dy trouwe salang at sy libbet.

**CHRISTINA:** Wêrom net? Ik bin in leuke faam. Se sil my graach meie.

**RON:** Do bist in leuke HEIDENSKE faam. Us mem is in hiel religieuze, Joadske frou. At ik mei ien trouwe soe dy 't net Joadsk is, dan soe dat har dea betsutte. Gelokkich wennet se yn New Jersey, dus se wit net iens dat wy by elkoar ynwenje. Dat is yn har eagen in noch gruttere sûnde!

**CHRISTINA:** (*skokt*) O! Dy is echt ûnder de gordel, Ron. Kom no doch, religy as in ekskús te misbrûken. Wy wennen al seis moanne byelkoar yn foardatst my ferteldest datst Joadsk wiest.

**RON:** Omdat ik der fan út gie datst dat al wist! Wat tochtsto dan dat ik wie, mei in namme as Greenstein! In indo – Sineeske Yndiaan?

**CHRISTINA:** Nammen sizze my neat. Hoe kin ik no witte datst Joadsk bist atst it net seist?

**RON:** Reizget de Paus soms hiel Rome ôf om elkenien te sizzen dat er Roomsk is? Hy nimt oan dat elk dat wol wit!

**CHRISTINA:** Wachtsje es even. Wachtsje es even! Atsto sa'n djip religieuze mem hast, hoe komt it dan datsto net yn God leaust?

**RON:** Wa seit dat ik net yn God leau?

**CHRISTINA:** Wol dan? Ik ha dy noait betraapje kinnen op in gebed of sa.

**RON:** Wat tinkst dat ik al dy tolve dagen sùnder dy dien ha?... Goed...

Ik jou ta dat ik net de meast religieuze man op de wrâld bin, ik bin gewoan net it soarte fan minske dat folle wearde hechtet oan al dy rituelen der omhinne, sa as ús mem... se brânt noch elke freed kearsen... giet nei de synagoge... it hiele ritueel. Mar goed, at se dêr no gelokkich fan wurdt. Ik kin it net oer myn hert ferkrije om har te kwetsen, dy pear jier dy 't se noch mar te libjen hat. Begrypst it dan net, Chris? In frou as sy soe stjerre at har soan har soks oandie.

**CHRISTINA:** ...Wêrom hast my dit net oan it beginn sein?

**RON:** Welk beginn?

**CHRISTINA:** Doe wy elkoar krekt kinnen leard hiene. Dan soe ik noait by dy ynlutsen wêze.

**RON:** (*skokt*) Do soest net by my ynlutsen wêze omdat ús mem Joadsk is? Ik wist net datst sa bekrompen wiest.

**CHRISTINA:** (*poerlijk*) **Ik soe noait by dy ynlutsen wêze at ik witten hie datst hielendal net fan doel wiest oait mei my te trouwen!!...**  
(*behearsket har wer*) Okee... okee. Soest my dan op syn minst in earlik antwurd jaan wolle op dizze fraach? Soest mei my troud wêze at ik wol Joadsk west wie?

**RON:** (*feilich, tunkt dat him neat gebeure kin*) Fansels. Do witst dat ik fan dy hâld.

**CHRISTINA:** Sis dan mar tsjin jim mem dat se har klearhâldt foar in feest, want ik lit my bekeare.

**RON:** (*skokt, hast folslein wekker no*) Do... **WAT???**

**CHRISTINA:** Ik lit my bekeare. Ik wurd Joadsk.

**RON:** ...Ik ha slieppillen ynnommen, wat haSTO yn godsnamme ynnommen? ...Hoe bedoelst "Ik wurd Joadsk"? Samar, ynienen?

**CHRISTINA:** Meitsje dy gjin soargen, dit is net samar in beslút. Ik rin al langer mei it idee om.

**RON:** Dy BEKEARE is in idee wêr 'st mei OMRINST? Op karate gean, dat is in idee wêr 't je mei omrinne... ik wol der fierder net mear oer prate, begrepen? It idee... datSTO Joadsk wurde soest... bespotlik. Do bist it prototype fan in shickse!

**CHRISTINA:** Wat is in sickse?

**RON:** Do wolst dy bekeare en do fregest my wat in shickse is?

**CHRISTINA:** At ik WIST wat in sickse is, hoegde ik my net te bekearen.

**RON:** In shickse is in heidenske frou. En it is gjin sickse, mar shickse. Elkenien kin dat wurd. Fertel my no net datsto it net wist.

**CHRISTINA:** Nee, ik ha wol es fan Siske heard.

**RON:** Wat is dat no wer foar wurd, Siske?

**CHRISTINA:** Hast noch noait heard fan Siske de Rôt?

**RON:** (*stoarret har in lange tiid oan*) ...Net te leauwen... Chris,

bekearen is hiel wat oars as nei de winkel gean en keapje in nije jurk. Je kinne it Joadske geloof net foar in pear dagen mei nei hûs nimme en dan beslute dat it net by dy past.

**CHRISTINA:** It is net sa dat ik de iene godstsjinst foar de oare ynruilje. Ik bin noait net sa religieus west. Faaks is dat it wol wat ik al dy tiid sa mist ha. Ron, ik ha wat noadich om yn te leauwen, wat om my oan fêst te klampen. It is in golfbeweging oer de hiele wrâld. Minsken wurde wer godstsjinstich. Ik fiel, djip fan binnen, dat dit is wat ik noadich ha.

**RON:** Mar biSTO wat dat ús MEM noadich hat? Tsjonge, jonge, dit is no bepaald net it bêste idee wêr 'st oait mei op 'e proppen kommen bist, sis Chris... CHRIS! Dat is noch es in namme foar in Joadske frou!

**CHRISTINA:** Hoe mear at ik der oer neitink, hoe mear at it my befalt. Sis, atst jím mem no echt bliid meitsje wolst... dan trouwe wy gewoan yn in Joadske tsjerke.

**RON:** O, dat sil se geweldich fine. Dan hâlde wy de seremoanje yn St. Anthony's Synagoge... En JIM mem?

**CHRISTINA:** (oprjocht) Nee, ik tink net dat sy har bekeare wol.

**RON:** (*dat is net it ûnderwerp wat er beprate wol*) Hoe tinkst dat dy aardige mem fan dy híj op reagearje sil? Se sil wol ien of oare flok oer my útsprekke dy 't se leard hat op sa'n new – age kursus, tinkst net?

**CHRISTINA:** Hee! Sa is ús mem hielendal net, en dat witsto bêst.

**RON:** O, nee? Witst noch hoe 't se tekear gie doe 'st my krekt koest? Ik wit seker dat se in flok oer my útsprutsen h... Hee! Miskien ha ik dêr dy problemen mei myn prostaat wol oan oerholden.

**CHRISTINA:** Se sil der gjin punt fan meitsje. Se is net sa religieus en foar har telt allinne dat ik lokkich wurd. Dus is no dyn lêste ekskús fan tafel fage.

**RON:** (*de sliep komt wer opsetten*) Chris, ik kin hast net mear wekker bliuwe. Ik kin net funksjonearje at ik net minstens acht oeren sliep yn de MOANNE krij... Goed, do winst. Kom wer by my wenjen. Nei datsto dy bekeard hast en Joadsk wurden bist, kin ik wer sliepe.

**CHRISTINA:** O, leave! Do hast dy sels sakrekt ta de lokkichste man fan de wrâld makke! (*tutet him, rint dan nei de doar*) Ik gean nei hûs om myn guod yn te pakken. At ik wer by dy ynwenjen kom, wol ik moarnier net yn dizze klean dyn hûs út. (*lûd fan in auto bûten*) Ik hoopje dat myn taksy dêr is! (*draaft nei de patio, doch de doar iepen, sjocht nei bûten*) Ja, dat is 'm. Dat is gau! (*ropt nei bûten*) Taksy! (*lûd fan in auto dy 't remmet*) Tsjonge, dat is in goed teken! Alles begjint wer fan in lijen dakje te rinnen foar ús! (*skreaut nei de taksysjauffeur*)

Wachtsje even, ik kom deroan! (*tsjin Ron*) Wolterêsten, leafste. Slied sach. Ik hâld fan dy. (*draaft nei him ta en tutet him, rint dan nei de doar fan de patio*)

**RON:** (*troch de slied oerweldige, twingt him sels wekker te bliuwen, ropt*) Chris!

**CHRISTINA:** (*bliuwt stean, draait har om*) Ja?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**